



Skriftlike fragen fan de FNP Fraksje Ljouwert oan it kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders sa as bedoeld yn artikel 41, earste lid fan it reglemint fan oarder fan de gemeenteried fan Ljouwert.

Underwerp: takomst Bestemming Noardwest

8 jannewaris 2019.

Acht kolleezje,

Sawol yn de Leeuwarder Courant¹ as yn it Friesch Dagblad hawwe artikels stien oer it toeristysk platfoarm Bestimming Noard-West. De FNP fraksje makket har grutte soargen oer de takomst fan dat Platfoarm.

Tsjinwurking fan út gemeente Ljouwert en tal fan burokratyske easken soargje der foar dat de enerzjy net lizze kin wêr't dizze heart. Nammentlik it op de kaart setten fan de regio.

Derom hat de FNP Fraksje de folgjende fragen:

1. Is it kolleezje op de hichte dat de easken foar subsidzje te heech binne dy't de gemeente Ljouwert oan Stifting Bestimming Noard West freget?
2. Fynt it kolleezje de easken ek in burokratysk moeras? Sa nee, wêrom net?
3. Op dit stuit hat de organisaasje foar 2019 noch gjin sekerheid. Isder al bekend oft de organisaasje bestean bliuwe kin foar de kommende jierren?
4. Is it kolleezje op de hichte dat de regio oanlûker him werom lutsen hat fanwege de jierrenlange striid mei de gemeente Ljouwert?
5. Is it kolleezje ree om de folslein trochsketten easken yn it ridlike te krijen?
6. Wat is no de rol fan de Gemeente Ljouwert yn dizze stifting?
Wat binne de gefolgen foar de toeristysk-rekreative ûndernimmers? Is it Kolleezje fan doel sa gau mooglik de problemen op te lossen?

Wy soene graach, fanwege de tiidsdruk, op sa'n koart mooglike termyn antwurd hawwe wolle op ús fragen.

FNP Fraksje Ljouwert
Lyda Veldstra-Lantinga

¹ <https://www.lc.nl/friesland/Maat-vol-voor-promotor-Noordwest-Friesland-24024432.html>